

De medyske studint

Doede Veeman

in su - trich me - dys - ke stu - dint seach al syn ma - ten frij - en hy tocht dat
is wat my krekt sint mar hoe kin ik in wy-yf-ke krij - e hy gie ris nei kol - leez - je
ta en seach o lea - ve sij - e in fam - ke mei fan al - les sa_ hja stie in
lyk_ te snij - en bern, bern, do bist sa knap sa rjocht fan liif en le -
den en bop - pe - dat do snijst sa knap mei moai-oai - e rjo-och - te sne - den

it famke krige doe in kaam en snied har yn 'e tomme
sa waarden hja doe feint en faam, wat kin der fan snijen net komme!
mar soms as hy nijgjirrich wie nei har anatomije
dan skuorde hja him oan it hier, en sei: dat wol ik net lije

kearsang: bern, bern, wat dochst no bryk
sa kinst it noch bedjerre
do bist sa krekt in kat gelyk
en ik, ik fiel my frustrearre

sa gie dat noch in skoftsje troch, hy koe har net beprate
hy sei: noch efkes dit gedoch en ik moat nei de psychiater
it famke joech doe dochs mar ta en liet har sjen, beskamme
hy seach har dêr ynienen sa en krige in hertferlamming

kearsang: bern, bern, it wie sa moai
sa moai foar ús tegearre
mar no'k pas sjoch hoe moai as't bist
moat ik fan alteraasje stjerre!

op snijseal leit no in studint, hy koe syn lok net fine
en it famke dat it mes opnimt, docht dat mei har herte fol pine